This is a digital copy of a book that was preserved for generations on library shelves before it was carefully scanned by Google as part of a project to make the world's books discoverable online.

It has survived long enough for the copyright to expire and the book to enter the public domain. A public domain book is one that was never subject to copyright or whose legal copyright term has expired. Whether a book is in the public domain may vary country to country. Public domain books are our gateways to the past, representing a wealth of history, culture and knowledge that's often difficult to discover.

Marks, notations and other marginalia present in the original volume will appear in this file - a reminder of this book's long journey from the publisher to a library and finally to you.

Usage guidelines

Google is proud to partner with libraries to digitize public domain materials and make them widely accessible. Public domain books belong to the public and we are merely their custodians. Nevertheless, this work is expensive, so in order to keep providing this resource, we have taken steps to prevent abuse by commercial parties, including placing technical restrictions on automated querying.

We also ask that you:

+ *Make non-commercial use of the files* We designed Google Book Search for use by individuals, and we request that you use these files for personal, non-commercial purposes.

+ *Refrain from automated querying* Do not send automated queries of any sort to Google's system: If you are conducting research on machine translation, optical character recognition or other areas where access to a large amount of text is helpful, please contact us. We encourage the use of public domain materials for these purposes and may be able to help.

+ *Maintain attribution* The Google "watermark" you see on each file is essential for informing people about this project and helping them find additional materials through Google Book Search. Please do not remove it.

+ *Keep it legal* Whatever your use, remember that you are responsible for ensuring that what you are doing is legal. Do not assume that just because we believe a book is in the public domain for users in the United States, that the work is also in the public domain for users in other countries. Whether a book is still in copyright varies from country to country, and we can't offer guidance on whether any specific use of any specific book is allowed. Please do not assume that a book's appearance in Google Book Search means it can be used in any manner anywhere in the world. Copyright infringement liability can be quite severe.

About Google Book Search

Google's mission is to organize the world's information and to make it universally accessible and useful. Google Book Search helps readers discover the world's books while helping authors and publishers reach new audiences. You can search through the full text of this book on the web at `http://books.google.com/`

Minne Jorrits Reis Nei it
Kollummer Oproer - 1851

Halbertsma -

Neth
8446
272
HD WIDENER
HW LEHY 6

Beth 8446.272

HARVARD COLLEGE
LIBRARY

THE GIFT OF

HENRY HARMON STEVENS

PH.D. 1916

MINNE JORRITS REIS

NEI IT

KOLLUMMER OPROER,

BESCREAUWN TROG

DR. E. HALBERTSMA.

TO SNITS, BY
VAN DRUTEN & BLEEKER.
1851.

tx.

MINNE JORRITS REIS

NEI IT

KOLLUMMER OPROER.

Laat dwazen om den vorm van 't hoog bewind vrij kampen,
Die 't best gehandhaafd wordt, voorkomt het best 's lands rampen.

BILDERDIJK.

MINNE JORRITS REIS

NEI IT

KOLLUMMER OPROER,

BESCREAUWN TROCH

DR. E. HALBERTSMA.

TO SNITS, BY
VAN DRUTEN & BLEEKER.
1851.

Neth 8446.272

HARVARD COLLEGE LIBRARY
GIFT OF
HENRY HARMON STEVENS
AUG 30 1929

Gedrukt bij Van Druten & Bleeker te Sneek.

MINNE JORRITS REIS

NEI IT

KOLLUMMER OPROER.

Minne Jorrits wier ien boeresoan, dij yn Goëngamieden wenne. Sijn alders wierne beaste, froede ljoue fen de alde styl, ald gereformeerd in goed prinsgesind. Mar Minne wier troch it krantsjen, dat er folle die as er to Snits koam, in benamen troch it praet fen Binnert-om, syn memme broer, dij te Drylst wenne, alleheel in al omkeerd. Went de swijmel fen it patriotismus hie him de holle oppe rin brocht. Hij hiearde fen frijcorpsen praetten, in nou leerde er yn it geheim it manuaal mei it geweer fen ien ald sergeant, dij to Snits fen syn pensioen libbe, sa goed as er koe; in om ien soepke to kryen, leerd' er skermjen in it geweer to hantearjen, of hij snei

pluggen in swikjes foär de brouwers in scoënmakkers, of hij stie oan de Houkesleat to angelfiskjen om ien soadtje. As Minne den bij him kaem, den wier Ferdinand — sa hjitte dij alde Waldecker — yn de wolken; went hij brocht oannaris in stik spek oaf in timpe tziis mei. Nou, alle greate in gewichtige dingen beginne in eindigje mei de flæsse. As ien minsce ommers foär it earst yn de widze, oaf foär it least yn de kiste lein wirdt, de drank wirdt er seldsom bij forgetten, in sa gong it eak mei de exercitie fen Ferdinand in Minne. Dær ward den jild oppe tafel smytten, de flæsse ward pakt in dan Ferdinand op ien hontsjedraf nei vrouw Keidel, dy de Toppenhuester boeren Tryn Scieppetyk neamden, omdat hja sa roun in sa lyts wier as in booits. Den sei Ferdinand altiid: „Puerfrauw, keef mij kouw voor sex daiten; die ferflugte rekruten! ik heb taar weer soon tomme poerepringel, die moet ik 't manuaal leren, taar moet in slokje pij."

„Ja," sei Tryn, „dat scherpt it boereferstân wa op. It vaiderlân mut verdedige wudde, in as ien it hoar lere kin, dan bin jou it, buerman, da weet ik."

„Tat keloof ik, puerfrauw, wie it andert doe wie ich vor jaren meine compagnie exerciren lies, da klopte mir der prins von Waldeck op de schulder, ond sagte: „Ha, mein braver scherjant, deine kerle exerciren wie die engel im Himmel."

Doe ward er jit ien mingelen yn de flæsse getten, in den ward it manuaal leerd, in stapt in swinkt in laden in fjurre, sa lang as er ien drip ijn de flæsse wier, in Minne de positie net halde koe, in de tonge him doebeld yn de muwlle sloeg. Mar Ferdinand wier neat oars oan te sjen, as dat syn noas in kleur krygge as ien blye bellefleur-apel, in den song dij alde Waldecker syn gewoon sankje:

„Es zogen drei regimenter wohl ueber dem Rhein, etc."

Trye dagen nei it nye jier fen 1797 stoep Minne wer ta de doar uet, in of syn folk it him al oafrette, of syn mem de wetterlânders al opkoamen, it holp neat, hij moäst nei Ferdinand om syn lexom to heljen, in doe er dær-fen dinne koam, mei ien jager op stôk, doe lokke in goe frjeun him buwtten de poärte fen Snits yn ien vaderlandsche societeit, dy yn it geheim halden ward, omdat er jit al frij hwette Oranjeljoue yn Snits wennen, in oars hienen de Toppenhuester boeren er ligt eak wol de kat ris yn smytten.

Yn dij club gong it er al nuwer om ta. De president, ien klokmakker uet Snits, sloeg mei de hammer oppe tafel in roap: „Stilte burgers! de hoeden af, klompen uet in de pruemkes weg. Ik verklaar in den naam van de eene en onverdeelbare Bataafsche republiek de vergadering voor geopend; de vrijheid of de guillotine! weg met de aristocraten! leve de republiek!"

Dearop roap de hele club Hoezee ! dat it huw dreaunde. De secretaris lies de notulen fen de least foargaderinge; in doe begoun de klokmakker praese dizze koärte mar kreftige oanspraek :

„Burgers! gij allen syt frij, maar sal die fry heid duurzaam weze, dan mut eerst het lân sue werd wurdde van aristocraten in Oranjekraaijers. Min must har de tongen toe de hals uet haile, dat ze nooit weer die ferfloekte kreet van Oranje boven uutbleate konnen."

„Dat sude in heel krewei wurdde!" foel him ien yn de reden, „in ik bin der glad teugen, want wair suden mijn kakijnjes dan allegare belande mutte, die ik alle dagen bij duzenden maaik, as er so veul tongen toe de hals uut musten, want die mutte meest met de tonge opslikt wurdde."

„Zwyg dou, met dyn kakynjes, in doen liever dat onfatsoenlikke pruemke uet dyn vreet!" snauw de de president him ta.

„Ja," ferfolge de man, „die vervloekte aristo craten! ik wude wel dat ze allegaair mar ien kop hadden."

„In ikke niet," foel him in hoedemakker yn de reden, „want ik hew er myn beste klanten onder in ien hoofd daar kin gien winkel as mijnes fan bestaain." —

„Swyg, burger!" sei de preases, „swyg en kom naderhan niet weer met sokke swarte hannen in

de vergaderinge; de duevel mocht hier presindint weze, as min altyd in de reden vallen wurdt.

„Maar," forfolge de president, „der binne ook slymgasten of halve patriotten in onze vergadering, en die vrees ik meer as tien duezend prinsegui bueten de vergadering, al waren se zoo geel as oker; want die draeije met âlle wijnnen, in die kinne it lân nog verrade, in ten einde nou al die slymgasten uet ons vergaderingen te weren, zoo verzoeke wij alle burgers, die hier vergaderd binne, om te zweren dat zij dat gehaatte en vervloekte hues van Oranje nooit of te nimmer weêr in het lân roepe sille, in dat ze it vaderlân met goed in bloed verdedige sille."

Nou frege Jan Rinkelman it wird, in dij sei: „Burgers! het voorstel, zoo even door de presindint gedaan, kan ik niet aan voldoen. Vechten ben ik bereid toe, mits op kosten van de republiek; ik ben zonder famielje. Maar hoewel ik het leven veil heb voor het vaderlân, zoo kan ik myn goed niet misse. Want ik hew een klein kaptaailtje, en daar wil ik mij voor in het gasthues kope, zoodra het vaderlân vrij is."

„In ik swear net in ik fjucht net," sei ien boer, dy mennist wier.

Dij twa wardden foär slymgasten forklearre in noästen de vergaderinge forlitte.

Mei sokke nuwere ynfallen doërre dij aonspraek

jit in hjeal uwre, in it is klear uet dizze dingen to sjen, dat er seldsom ien patriot sa suwer is, dij net ien lyts hierke fen eigenbelang op de holle het. Op it least frege de klokmakker-president of t'er jit eak ien fen de burgers wier, dij it ien aof it oare foar te stellen hie. Doe stoe er ien grouwe boer uet de Hommerts op in dij roap:

„Ik heb nog ien foorstel te dwaen."

„It woord is aan den burger Tjipke Feikes," sei de presidint, „stilte burgers!"

De burger brimde ris in swolge ris, in doe sei er mei in bevende stimme: „Ik heb namentlijk, burgers! ien poest om iets ferroessele te laten, in derom zuede ik disse vergadering van burgers it foorslag dwaan om it tekkenflag, dat bij mennigte uet de sloten haald wurdt, bij it leger van de Bataafsche republiek in te voeren in te bruken voor matrasten yn dekens yn de brakken."

Nou boärste de hele vergadering uet fen laeitsen, behalven de burger of lieawer de boer, dij it foarstel dien hie; hij foarsloeg er alleheel onder in winsce heimelyk dat er mar stil yn de Hommerts bleauwn wier bij syn kij in sciep in wyf in bern.

Einlinge stie er ien lang heer op, dat ien doctor wier, ien eerste bysfeint, in dij er mar ris komd wier om it spul ris troch it gat te sjen, in dij patriotje spylle om de nocht. Dij striik sijn hier te rjuchte in sette sijn tsjokke das yn de hichte, in frege it wird, dat him dalik tastien ward:

„Burgers!" spriek er mei deftigheid, „het voorstel, zoo even door ons geacht medelid, den Burger Tjipke Feikes, uit de Hommerts, gedaan, hoewel niets dan eene groote bezuiniging bij het leger bedoelende en mitsdien niets dan zuivere vaderlandsliefde ademende, daar bezuiniging de eerste bron van staatsgeluk niet alleen daarstelt, maar ook van de dringendste noodzakelijkheid geworden is in deze republiek; — dit voorstel, hoe welgemeend dan ook, kan naar mijne wijze van zien niet in getreden worden, want het is bij de natuurkundigen wel bekend, dat onze sloten en stilstaande wateren van eene menigte ongedierte en ontelbare meer of minder bijtende en vergiftige insecten wemelen, welke ik in deze vergadering niet bij name zal behoeven te noemen, dewijl dit minder ter zake doet; maar waar van men weet, dat zij jaarlijks hunne eijeren in dat dekenflag komen te leggen, welke later in diertjes van de zelfde venijnige eigenschappen zich ontwikkelen, en daar onze Bataafsche armée, volgens ingewonnen rapporten, reeds genoeg door allerhande soort van ongedierte geplaagd wordt, zoo acht ik het niet raadzaam, om deze stof in onze kazernen te brengen en ten gebruike in te voeren. Verre zij het evenwel van mij, om de welgemeendheid en den waren burgerzin van het voorstel te betwisten.

„En eindelijk verzoek ik den burger Tjipke Fei-

kes, en allen wien zulks mogt aangaan, om zich in het vervolg, bij mogelijk voor te dragen voorstellen of bij het uitbrengen van adviesen, wel stiptelijk te houden aan het artikel van ons reglement, waarbij bepaald wordt, om in onze vergaderingen zich van de zuivere Nederduitsche taal alleen te bedienen." Wearop de president, dij er eak al frij hwat Snitsers hakmak mei onder grymmanke, sa read omme troänje ward as ien boessekoal. Dij brocht it foarstel oer it tekkenflag al dalik yn omfrage, mar it ward oafstemd in lykwol wierne er jit al gicken, dij er foar stemden. De docter die nou ien foarstel, om Tjipke Feikes oan it hoofd fen ien commissie te stellen, om te ondersiekjen, yn hoe fier it tekkenflag tjinstig wæze koe foär lampekatoen oaf foär stoppen yn it kanon, of as wurk, om de vloot fen de Bataafsche republiek te brouwen. Dit foarstel waerd oannomd, in de commissie eak dalik oansteld. Omdat er nou neat meer oan de stôk wier, in de presidint de scram fen de docter jit yn de mage siet, sa sloeg er foarheftig mei de hammer oppe tafel in sluette de club.

Nou ward er smookt in dronken, in elkoärren de holle hjit praet, de oranjeljoue foarwinsce, in songen in rinkelroaid, ien gat yn de nacht op. Einlinge om ien uwre yn de nacht, teag Minne heal salig op reis nei hoes ta, mei ien laden roer op it schouder. Dij goede, beaste jonge, dij oars seaft in froed opbrocht wier, waerd trog dat patriotjespijljen aek al

drankswiet in foarwijldere, in wier yn dij foargaderinge sa opfyssele, dat er de prins in syn hele familie yn dij nacht wol mei syn eigen hannen deije kend hie. In lykwol hiene dij minscen him noait nin strie oerdwers lein. Der stoep er hinne! It wier ien fen dij stille frjeunlikke winternachten, as er nin fuwgel meer hjeard wirdt, in alles yn ien stille djippe sliep forsonken leit. It ierdrijk wie mei ien tinne snie beditsen in op dij snie stie mansheeg in kalde, tigte mistdamp, dij alles hwet er onderstie onsichtbar makke, in alles hwet er oan rekke mei in tsjokke rymme beditsen hie, dat as sierlikke fjerren in franjes oan tuwken in twygjes hinge. De stille steatlykke keuninginne fen de nacht, troch tuwsenen stjerren as wachten omjoun, dreauw boppe yn de loft, om hjar ywige baen troch to rinnen, in dat heerlikke toneel to forljochtjsen.

Uws jonge patriot stoep moedig it paed lâns, mar wier blyn in stom foär de stille stimme fen de forhevene nachtlyke natuwr. Hij wie suwsig in troch dij gesprekken to forwyldere fen sinnen, om syn hert te forheffen ta de ywige oorzaek fen dit toniel. Einling after ien hikke forhefte ien stille steile gestalte syn holle boppe de miste omheeg. Sonder betinken roap er werda! dat trog de stilte fen de nacht fier klonk. It schyn bleauw stom, mar ien lytse beweging fen de holle folge. Minne digere jit ris, in nou miend' er dat er ien domenij after de hikke stoe mei ien steek op, mei ien wyte bef foar, mar der wier it him te

great ta. Nou roap er dalik ferdig, aan, vuur! Hij mikte, in it roer gong oaf, in derop folge dalik ien slagtsjin dij hikke oan, in doe stouwen him de stikken hout om de earen, in de splinters foelen him oppe klean. It wier syn boërmans alde swarte bles, die vlak foär de hikke stoe. Doe hie er de earen foär de rannen fen de steek in de bles foär ien bef oansjoen. It beest foarleer ien ear fen de kop, in sloeg yn de eerste scrik de hikke yn grues, in fleag doe as ien kuwgel uet ien kanon, blazende in snuwende de finne op in del. Nou begreep er syn mis-set dalik; hja neamden it ald sloof te nei altyd de prinseman sonder earen, om Minne te huenjen; in as er dat te nei altyd hjerre moäst, den winsce er wol, dat de kuwgel it bist mar del lein hie, den wier it bedobbe in hy mei beteljen frij weast; mar nou moäst er it hjerre sa lang as it bist libbe, in it roun foär syn spectakel oan it pâd. Hij sloepte nou stil trog scoërre in buwthuws nei it milhuws, in it earste hwet him mette, wier de kat, dij him mei har seafte syden om de sconken wreauw in syn frjeunlik „oërre oërre" hjerre liet. „Ja poes," sei er, „dou komst eak wol ris let t'huws, mar dat is net foär fryheit in vaderlân, mar foär dyn eigen plesier;" — went hij wiste wol dat er mis wier. Nou hie de feint toast, in den dronk er oannaris kâlde kofje; mar de faem hie him te fytter hawn, in hie op de pleats, dear it gewoonlik stoe, ien pôt fol roetwetter, dat uet de scoärstien dript wier, del set; dat sette

er foarheftig oan de muwlle, om syn hetsige mage to laven, in ear dat hij it preauw, hie er al trije greate swolgen nei binnen slein. Doe hij it merkte, wier er razend. Hij smiet de pôt yn toesend eleminten, in flokte sa oafgryslik, as er oait in patriot somt Noächs tyden dien hie. Nou hong yn dat milhuws ien Exter dij praette in it hele huwsgezin bij de namme neame koe. Dij ward troch dat geraes eak wekker, in dij roap bij tafal, Minne, Minne maat! Nou miende Minne yn syn heale roes, dat dit dier him bescrobbe, in hij snouwde him ta: „hald de tuwt ju, dou snetterbek, oaf ik scil dij eak sok goed te drinken jaen. Min kin oan dyn giele bek wol sjen, datste eak al san duvelsche prinseman biste. Min moäst dij de stirt uwt it gat loeke in in kaem oppe kop sette, in litte dij foär ien stoer oppe merken besjen."

Doe Gieltjemoi, syn mem, dat geraes hjerde, — went hja hie al lang wekker lein — formoänne se him om nei bead te gean, „went," sei it sloof, „de kij binne moan nodig hoffene in stirt wosken te wirden, dat is alle heel in al oer komd," sei se.

„Stirtwaske," raop Minne, „dat docht gin patriot; mar de oranje ljouë de koppen te wasken mei it bloed fen de aristocraten in de slijmgasten, dat is it wirk fen ien patriot. Pas jou mar op jins goutjeblommen, dat dij net befriese, nacht mem! ik kruwp op de buwthuesbalken."

Sa libbe dat alle dagen hinne, mei ues patriot

Minne. It wirk keerde hij de reag ta, hij ward lid fen in frijcorps, in as er t'huws kaem, den wier 't ruwsje mei syn alders. Went de ruwsje, dij yn de maetscappij wier, gong ijn de huwshaldingen oer, as hja ijn san huws net gelyk tochten oer de prins in 't lân. In nou briek it Kollumer oproer los! Ien moaie gelegenheid foär Minne, om syn moed ris sjen te litten, in syn ålders hoes, der hij dochs gin frede meer foun, foär ien tyd altearst te scouderjen.

De nationale vergadering yn den Haag hie ien commissie yn Frieslân oansteld, om de volkswapening mei kracht te befoärderjen in troch te setten.

Dit gong yn Westergoo frij goed, mar yn Oostergoo, wer de minscen meer oranjegezind wierne, roun dit sa flot net fen de tried. Yn Kollumerlân, it Burummerlân in yn de beide Dongeradeelen koamen de ljouë mar traeg op, om hjar oan te jaen, of as hja al kaemen, joegen se foarkeerde nammen oan, om de boel yn de maling te bringen. Onder oaren wier er ien Abel Reitzes fen Monnikezijl, dij sette de hoännen yn de wâl, in dij roap mar neat as Oranje-boven!

Oppe tredde Februarij fen it jier 1797 ward Abel fen de witsjers oppakt, om nei it Blokhues te Lieauwerd brocht te wirden. Eerst ward de man tyge feast boun in boeid nei Kollum brocht in den after de scoättels set. Nou roun heel Kollummersweag, Aldwalde in Westergeast bij honderten te heap, mei

allerhande moärdridscip bij hjar. Hja twongen alleman mei geweld, om mei hjar te gean, in koamen yn Kollum, in dær twongen hja it bestjoer, om Abel Reitzes los te litten. Hja fyllen syn boeyens los in twongen de siktaris de belofte oaf, dat er Abele nog nimmen oars ooit of immer wær oppakke litte scoe om dij saek, namentlyk de Oranjekraeierije. De witsjers fluchten nei Stroobos in dij stjoerden yn it geheim de commies Leiber nei Lieauwerd ta, om berjucht oan it bestjoer te jaen fen it oproer, dat er oan de gong wier.

De reizigers, dij mei it scip de jouns fen Stroobos nei Dockom koamen, in dij eak al fen dij troeppen folk sjoen hienen, foarhellen dat eak al to Dockum, in sa ward dat gou ruchtbar yn de heele sted. De burger Hector Feugen, wier doe commandant fen de gewapende magt yn Dockum, in dij liet dadelyk ien krygsrie belizze.

Dy krygsrie wier gleaun in praette neane fen as fen strop in swird, in kruwd in lead; mar de regearring fen Dockom wier bedaerder, in hie er net folle smucht op, om it bloed fen hjar brave boärgerij op te offerjen foär ien saek, der hja mar heal klearrigheit fen hienne. Mar op it least sprong er ien fen dij heren oereîn, dat ien echte patriot wier, in sei mei ien kreftige stimme:

„Wat duwel, burgers, binne jimme ook vaderlanders? Halve patriotten, slymgasten binne jim-

me, as jimme in dizze saek niet deurtaste. Dockom wurdt nog ien spot in spiktakel voor heel Fryslân, dat it nooit weest het, as jimme dat reeuw van Kollummerswaag niet te keer gane, in bij slot van rekening steke se Dockum nog op vier hoeken in de brân, in ons in ons vrouwluden die hangese op!— nee, ophange? ville sille se ons nog, krekt as se hoar oude peerten doene, dat prinsereeuw."

„Ja burger," spriek doe de boärgemaster, „late wij ons goed te wapen stelle, dan kenne wij dat hantjevol boeren gerust voor de stad ofwagte, want in hôn vegt nooit vuelder as op syn eigen hiem. Wij sille ons rattelwachts elk ook in geweer met krund in lood geve."

„Noeme jou dat in hantjevol boeren, burger munieipaal? Ja wel," spriek de patriot doe, „duzenden binne al in de wapens, in eer dat 24 uren om binne, dan hewwe wy se al voor de stad as hagel en saad."

Dy wirdden holpene, in hja kaemen ta it cordate besluet om 56 man schutterij mei ien stik kanon, onder kommando fen de stedscommandant to stellen, in op de fijand los te gean. Folle fen dij Dockummer boärgers wierne al hwette slim fen de bierbanken to rissen. It oafschied gong eak net sonder folle snikjen in sobjen fen de Dockommer frouljue, mar hja gongen er einlinge dogs manmoedig op los. Hie de achtbare rie fen Dockom er twa hondert

man meer hinne stjoerd, den hiene se net mei de hoas oppe holle wærom komd, in de saek hie mei ien slag beslist weast. Mar dær siet jit eak al Oranjebloed yn Dockom, in as al it folk er uwt tein wier, den hienne se t' huws jit fen hjar eigen hounnen bytten wirden. De nachts om twa in trije oere koam dij troep te Kollum. Dearnei koamen de commissarissen Ament in Germans uwt Lieauwerd mei ien mennig husaren. De burger Ament naem mei dizze troepen 66 man boeren yn Kollummersweag gefangen, in dizze hijnstevilders troep ward to Kollum yn de tsjerke opsletten in mei ien sterke wacht wol bewarre. Mar de oare deis briek it oproer wer los, in de Oranjeljoue koamen bij tuwsenen er op ta. Luitenant Visscher, dij mei ien piquet Dokkummer boärgers op it Kollummer verlaat stie, moäst de flint scouwe, mar de commandant Feugen jagge dat soadtje mei it kanon wær afteruwt.

Yn Kollum grypten de Oranjeljouë wær moed. Hja begounnen op de Dockummers to fjurjen in mei stiennen to smytten. Hja drongen troch, in foarlosten hjar makkers wer uwt de tsjerke. Nou wier goe rie djoer. De representant Germans hie jitte wol moed, mar it gefaer groeide oan. Doe spriek de Representant, N. W. Keuning fen Kollum, wirden, dij ien Romein uwt de alde tyden him net hoefde to scamjen.

„Burgers van Dockum," spriek er, „ik prijs

uwen moed, maar keert in Gods naam naar Dockum terug, en laat mij en mijn huisgezin aan het noodlot over. Het is beter dat ik alleen ongelukkig worde, dan dat gij u opofferen zoudt, om mij te beschermen en dat Dockum dus verloren zoude gaan."

Nou teagen de Dockummers yn order wer nei huws ta. Hja warden fen ter syden al ris oanfallen, mar koamen dochs de jouns twiske saun in acht uwre behalden yn Dockom oan, meast mei greate blierren onder de foetten. Het wierne dij frouwljue blyd! Went sij hiene tocht, dat hjar manljue sa mar libbens lyf nei de slagtbank gongen, in nou se hjar sa gou wærom yn Dockom hienen, wierne se uetlitten fen blydscip. De iene sei: „biste daar, Koen? Min kin wel sien, daste in 't fuur weest biste; dou siest er soo keerdelagtig uut."

De oare roap: „biste daar weer, keuninkje? Dou suuste van avon riesenbrij met butter in suker hewwe, hoar hartsje!" in sobben in patten op hjar om, krekt oaf se tsjin de swarten oan it fjuchten weast hiene.

Doe wardden de bræggen ophelle, de wachten uwtset in de scippen yn de greft oan de stedskant brocht, in mar koärte tyd dærnei koam de troep al mei honderten foär de sted. Hja guwlden in swetsten wakker, in scheaten mei goësseroeren, dij se de Damwaldster in Geastmer ljouë oafnomd hienen, in easken de sted op; mar dit ward mei it kanon fen

it bolwurk beändere. Eerst scheaten se troch it tek fen ien scoërre after de herberge buwten de waldpoärtte, dat de pânnen rottelen, mar der hiene hja de gik mei. Doe jaggen de Dockummers mei it kanon ien druwetros yn dij heap, ien doe koam er ien gejammer fen och Heere, myn earme siele! dij earme halsen! in hja fleagen trog ryden in sleatten, trog struwkken in struwellen nei huws ta, sa hird as se mar koene, in smieten har wapens wei. Yn Kollum wier it twiske beiden rouw gien oer de patriotten. De burger representant Keuning syn huws ward plundere in ploake. Yn de eerste pleats moäst de drank in het spek in fleask er oan, wyf in bern wardden mishanle, de man sels fluchte op it hea, in fen it hea yn it hynsterib. Jan Binnes in syn maet Tsjibbele scheukten yn it buwthuws in de hynstestaol roun, om him op te speuren. Doe se tichte bij dij hynstestaol koamen, sei Jan Binnes: „wer scoe den duwel nou sitte, Tjibbele?"

„Ik wyt net," sei dij doe, „mar ik tink dat er yn de hoännebalken fen de scoërre sit, of dat er ta it tek uwt flucht is; mar aste him nou ynne hânnen kryggeste, hwet woeste den mei him dwaen, Jan?"

„Deye woe ik dij diwelsche patriot, deye woe ik him." wier it antwird. „Eerst woe ik him libben fille, den woe ik him it grim ta de beaulg uwthelje, den woe ik syn termen spinne as reap in meitse er stroppen fen, om al dij patriotten in

lânopfretters fen Dockom in Lieauwerd er oan op to hingjen."

Dy der after it hea lei yn it hynsterib scil eak wol raer te moed weast hawwe, lyk as wol stiet to tinken. Loekwol, hij koam er mei de scrik oaf, went de stâl wier tjsuster in de hynzers stienen foär him te fretten. Jan Binnes sels koam er te nei sa goed net oaf, lyk as wij neyer foarhelje scille.

It kanonschot te Dockom hie fyf deaden in saun swiere gekwetsten makke. Chirurgijn Stelwagen in Doctor Visscher gongen nou buwtten de poärte om dij earme liders to helpen in to treastèn, sa goed as it har kunst meibrochte, in de oare deis warden de deaden fen de familie oafhelle.

In sa roan it Kollummer oproer ten ein, mar nou teagen de troepen uwt Lieauwerd, in dij wardden oanfierd troch de colonels van Slooten in Haye Beekkerk mei kapitein Groenia. Dizze troepen hiene neat uwt te rjochten as to ytten in to drinken, went de boeren wierne wer yn de sculp kroept. Hja teagen trog de walden in baeiden troch de klaei fen de Dongeradeelen, seagen de deisen, scoärstiennen in wynkelders fen de Oranjeljouë nouwkeurig nei, in treauwen mennig patriotsche tuwtjes op Oranjemuwltjes, in teagen yn frede werom nei Lieauwert, wer dat se op de fraterniteit tractiearre wardden op tziis in brea, in spielden de muwllen lustig om mei wetter dat troch in stôk roon wier.

Nou wier it Kollummer oproer oafroun, mar de gefolgen jitte net. De neismerte wier min foär folle minscen. It gysseljen wier doe oan de oärder fen de dei. Great tachtig minscen warden yn it Blokhuws set, ljouë fen alle standen, der mar ien reukje fen Oranje of aristocratie oan wier. In Jan Binnes, dat oars gin kwea man wier, moäst er de holle bij foarliese! Master Durk van Gorkom, dij doe it officie fen boal te Lieauwerd hie, wier al santig jier ald. Hij hie oars sa folle rysenbrij in hjitte poffen uet deeld, in hij hie sa mennig troch it himpen finster sjen litten! Lykwol, de man foon him beswierd. Mar ien witsjer, Hindrik Gjalts, sloeg er de holle mei ien slag oaf dat er roalle. Sa treurig gong it er doe oan beide kanten ta; dij it geweld hie, bruwkte it. Ien foarbyld uwt de mennichte. Ien blynne spielman, dij te Idsegahuesen Wilhelmus van Nassouwe spylle, om ien duwbbeltje to foartsjinjen, ward op de 8 Februarij 1796 gijssele, in twa boerefeinten, dij dat deuntsje dounse hiene, wardden net allinne gyssele, mar jitte fyf jier lang yn it tichthuws set er bij! Is ooit djoerder deuntsje dounse als dat? Het wirt er al net ien kwea forrjucht op de namme fen dij edele heilige fryheid. Min kapte doe de wapens fen de greafstiennen in fen de poärtten in tsjerken, in mennig eerbiedwirddig oerblieuwsel fen alde tiiden in geslachten ward mei ien blynne woede foargriemd.

Mar om nou ta uws patriot, Minne Jorrits, to bek

to kommen, —dij koam dat berjucht fen it oproer yn de earen, as ien ljochtstrielle fen de sinne yn de eagen fen ien blynneman, dij yn lange jirren de dei net sjoen het. Trog it libben, dat hij mei de patriotten lei, wier hij thuws mar weinich tel meer. Hij pakte geweer in wapens, in naem tachtig goune uwt syn kiste, teag mei it Snitser scip nei Lieauwerd, in joeg him dear oan as frijwilliger, om tsjin de *muiters* to stryden. Hij ward dadelijk onder de commando steld fen Rein Ieremias fen Belkum, Collonel fen de burgerwacht fen Menaldumadeel. De troep wier hondert man sterk in hie ien fjildstik mei artilleristen bij hjar.

Hja marcheerden den uwt Lieauwerd, in koamen de jouns mei har fjouweren bij ien bakker te Tietsjerk yn it kwartier, der it hjar yn it bakhuws goed befoel. Syn trije maets wierne Belsommer, dij min yn de wandelinge wol ris de bijnamme fen hontsjes jout, dat Minne net ienris wiste. In doe sei de iene, dij corporael wie, tsjin Minne, dat er syn broek in scoën, dij oppe swarte wei wakker beslingere wierne, ien bytje oafpoetse moäst, ear dat se op it appél komme moästen. Minne, dij gin commando wend wier, sei bedaerd wei tsjin de corporael: „dat scil ik sels witte."

„Nee," sei de corporael, „dat scil ik witte, in nimmen oars, foardomde koumelker!"

Doe sei Minne bedaerd wei: „Jou lykje wol wakker fen it *hontsje* bytten, dat jou sa dalik mar

beginne to flocken in to schelden om san wysje-wasje, corporael!" wearop dij trije Belsommer sa razend wardden, dat se him oer it bakhuws smietten, in him mei alle macht op de huwd tichelen. Mar de baes bakker naem knaphandig ien schepfol gleaune jiske in smiet dat op de fjouwer fjochtende patriotten. Hja fluchten foarheard in foarbouwereare it bakhuws uwt, in hienne wurk genoag, om elkoärren it fjoer in de jiske uwt de klean te slaen. De corporael wier sa razend, dat er mei de blanke sabel wer yn it bakhuws opfleach; mar de baes bakker helle de gleaune loete uwt de oven, in halde dij de corporael foär de noas. Hjir deinsde er foär, in de roesje ward forfolgens yn ien soepke smoord.

Minne fielde mei dat al syn lidden wol fen dat eerste pak bruien, dat hij foär de saek fen de frijheid uwtstien hie. Nou gong it al fierder op mei de troep, mar it oproer wier ofroan, in it folk ward yn de Dockommer walden bij de boeren yn it kwartier lein, trije, fjouwer wiken lang, om alles op to iten, hwet los in feast wier, in hjar op dij menear it Oranjeboven roppen oaf te leeren.

Minne syn eerste kwartier, dear hij yn de kost koam to lizzen, wier bij Pieter Pypkeniel, dat ien Bijker wier, dij tagelijk eak ien foeg winkeltje hie; ien hjitten patriot, in dærbij ien nuweren foetfeint. Op ien dei, dat Minne yn syn huws onder eltjoärren sieten to riddenearjen oer de lanssaken in as goede patriot-

ten de jeneverflæsse oanspriekken, koam der ien koekebakker uwt Dockom ynstappen. Dij ward dær frjeunlik onthelle in dalik ien romer fol sconken, in Pieter snapte mar foart; mar de baes fen Dockom wier stil, in it wier of t' er al hwet oppe lippen hie dat er net uet woe bij de man. Mar doe er it hert riskel makke hie, sei er tsjin Pieter:

„Mar hoar ris, Pieter! wij sitte hier al te proeven in te kaekelen ien lang in twie breed, wij mutte ook er ris over wat anders prate. Hoe is dat met dat gladgoed gaan, dat jou voorleden harst van mij kregen? Is t' allemaal verkoft?"

„Verkoft, man? As aeien uet de koer. Om sok goëd to foarkeapjen dær hoärt it noait oan. Went jou wytte wol, baes, bern dij frette alles op, behalven hinnekjitte in fjurstiennen; went it iene is hjär to weak in it oare to hird."

„Dan sude ik jou ook vrindelik versoeke om de betaling of dat jou mij er heuning aan stuurden; want it geld is krap met die roerige tyden, in die achttien guldens, die kon ik nou adig inplejeere."

„Jild? Ja wol, Pypkeniel baes! Just omdat it jild krap is, haw ik it eak krap, in nou komt dij ynkwartiering dærbij, dij wij oan jimme oranjekrayerij to Kollum to tankjen hawwe. As jou om jild komme, Pypkeniel baas, koekedaei!"

„Mar waar duwekater mot dat hene met ons? Zoo ken ik gien koekebakker blive, as ik gien geld voor myn goed beur."

„Wird den kakynjebakker," sei Pieter, „in geân mei ien tafeletje bij de poärte stean, dær is nin boärg."

„Dat sude mij in myn eere gaan, Pieter! Ik bin van ien goede komof, want myn vader het vroedsman weest, in dan daar met ien diske bij de poart te staan! Mar dat doet niks toe de zaak; geld is hier de hoofdzaak; zonder dat ken ik niet bakke, want de heuning in de granen binne duur."

„Pypkeniel," sei Pieter, „dij gleddingen, dij jimme bakke, der komt net folle hunig in moal bij te pas, went ik wyt wol wer jimme dij fen gear grieme. Jimme jane yn de Maityd, as de jiermerken, beginne, oan de koekkreammers alderhande goëd mei op it uetslytten. Dat wirt dan betomke in beroekt van jan in alleman. De modder fen de klaei, it sân fen de walden, de kouëdong fen de feemerken, de snufdrippen fen de kreamwiven, de tabaksjiske fen de boerefeinten, alles sit er op. Eindelinge begint it to schimmeljen, in as de kreammeljue de eere er net meer op halde kinne mei de boärstel, dan krije jimme it werom; in as dat goëd dan t'hues komt, den smytte jimme it boppe de oven, om uet te droegjen. Dær wirt it dan sa hird as bonken, in as Sinteklaes den yn it lân komt, den smytte jimme al dat koekegoëd, dij janhagel, soekerkreakelingen in bitter-koekjes, al dij duemkes in deademansvingers, fjirderlei in spikkelaesje in al

sok reauw meer, yn ien great fet, in dær komt siedend wetter oer, in dat litte jimme ien nacht stean te meuken, in den wirt dat krouske sa fyn makke as moster in der smytte jimme hwet groumoal, dær wij de bargen mei mæste, troch, om er ien daei fen te meitsen, in dat is it goëd, dær jimme de Dockommer taeimantsjes fen meitse, dær sa fen pocht wirt, der scoe eak hunig yn komme, jawol, Pypkeniel, baas."

„Dou snaak, daste biste," snauwde de baes him doe ta, „suuste ons goed nou ook nog lake? Nou suuste te minsten betale of de duwel sil de keers houde; daar kenste op an, ik wik it dij, hoor, of sil de duwel de keers houde."

„Lit dij de kears mar halde," sei Pieter doe laeitsende wei, „as er him mij mar net onder de noas halt; mar aste him as dyn procureur oanstelste, dij krygget allykke min jild as dou, Pypkeniel baes, joed net in moan net."

„Betaal dan de helft maar eerst ris."

„Ja wol, Pypkeniel, de helft net in de fjirdepart net, Pypkeniel baas."

„Ik sil dij anders op dyn hued tromme, hoor."

„Pypkeniel!"

„Ik zal dij opzitten leere, daar is nog wel regt in Frieslân."

„Pypkeniel," sei Pieter wær.

„Och ju, ik wuudde wel datste de pip kreegste,

met dyn Pypkeniel, met drie dagen heste de deurwaarder, hoor, ofzettersbaas!"

„Pypkeniel, Pypkeniel, Pypkeniel!" roap Pieter him after nei en knipte oppe fingers.

Doe de baes er uet wier, sei Pieter tsjin Minne:

„Sa betelje ik myn sculden oan de oranjeljouë; hwet tinkste dær fen, kameraet?"

Minne sei: „Ik tink er oer dat it lân sa net behalden wirdde kin; prinsman of patriot, dat kin net skele, dat min sculdig is, dat moat betelle wirdde."

Pieter, dij al ien moaie slok op hie, in dær bij ien sterke waldman wier, sei:

„Bist dou eak ien patriot? Ien slymgast biste, in dou draegste jit eak geweer in wapens foär it vaderlân;" hij grypte Minne bij de kraeg in tromme him mei de foesten oppe kop op ien danige wyze, krekt sa lang dat it wyf hjar scaette. Dat wier it twadde pak bruien, dat Minne foär de saek fen de fryheid op die. It tredde kaem jitte hwet efternei.

De hele saek roan dær mei oaf, dat Pieter Pypkeniel ien nacht yn it honnegat onder de toer set ward, — went hie Pieter ien Oranjeman weast, dan hie er ien gysseling op folge —in dat Minne ien oar kwartier krygge, bij goede froede minscen, dy prinsgesind wierne. Dærom woe Minne der yn it earst de boel al wakker opskeppe mei flocken in swetsen, mar hij bedaerde gou doe-t-er seach, dat him neat wegere ward. Koärtom, mei fjouwer dagen wie Minne al

thuws yn dij huwshaldinge; hij fette syn ald wurk wer op, begoun mei te djierheinen in leerde it teskjen eak. Mar nou koam him ien ongemak oer, dat him sa lang huws-arrest besoärge, dat syn kameraten al ontslein wierne, doe-t-hij jitte mei de foet yn it kæssen siet. Dij waldboer hie eak foarscate bern. De aldste wier Wypk, ien handsom jong faem fen achttien jier, mar dij altyd myënd wier, in de eagen foärdel sloeg, as Minne hjar oanseach. Mar dær wier jit ien lyts jonge fen acht jier ald yn dij huwshaldinge. Dat wier Minne syn boärtfeint, dij it gewear foär him nei it appél droeg in dij wier buwtten de scoälleuwren jimmerwei om of bij him.

It wier ris op ien snein, dat er ien ald keardel fen sauntig jier, libbenslyf oan syn eigen deakiste fæstneile wirde 'scoe, mei oare wirdden, dat dij ald gick troue scoe mei ien jong frouminsce fen acht in tweintig jier, in it is licht to begrypen, dat elts nijsgjirrig wier, om dat pear to sjen. Minne gong eak mei syn boärtfeint Oeble nei dij lytse tsjerke ta, om dat spektakel oan te sjen. It wier der sa fol, dat min dær gin foest yn stekke koe, in de minscen stienne bij eltjoarren op, of it ien reidmar wier. Loekwol Minne kringde er frij wat ien ein yn op, mei de lytse Oeble op it iene scouder, mar dij smiet gou syn oare sconkje oer Minne syn oare scouder in fette him mei syn beide hantsjes yn syn Brutuskop, in nou lykke it wol dat it boike him ynbylde, dat er op har alde

kjedde siet, in den scopte er mei syn lytse sonkjes foäruet. Ien great steil frouminsce, dij flak foär Minne stoe, rekke dit onder de koärte ribben. Dat wyf wier Houck Foelbird, sa as se neamd ward, ien kweade hynstepresser fen ien wyf. Dij liet hjar net lang tergje, mar dij ward sa foeleindig fen dat pjucken in hompen in stompen yn de siden, datse Minne uwt alle macht mei har koäihakken oppe teannen heyde in stampte sa dat hij oppe tosken bytte moäst, om it net uwt te guwlen fen de pynne. It wier slimmer as ien gysseling, in einlinge biet er Houck yn it scouder, datse midden onder de preek fen pynne uwtroap: „Duwel, hald op!" De domeny, dij miende dat it him rekke, dij halde eak op fen preekjen, mar de honnegysseler, dy tichte bij Houck stie, pakte hjar beet in sette hjar ta de tsjerke uwt. Mar Minne moäst dij hele lange jammer fen ien trouwprecatie mei formulier in al, mei syn teboekke teannen trochstean, went dij wierne sa weak stampt as seane catrine prommen, in dær moäst er earst jit ien kwartiersuwre mei troch de snie waddsje ear dat er it huws berikke koe. Oebleman fottele mei, in wiste net dat hij de onsculdige oorsaek wier, dat syn frjeun sa lompte. Doe hij t'huws koam, briek him it swit ta alle kanten uwt. Pynne, lilkens, scheamte, alles koam bij eltjoär om de patriotsce held mismoedig to meitsen. De minscen hienne meilyen mei de man, benamen doe de hoäzzen uwt koamen; alle teannen wierne

bont in blauw in bletten. It ald wyf sei: „der moat soepenbrij op mei knikelsbledden er yn, oars komt er de roos yn." Sa sein sa dien. Dær siet nou uws heldhaftige patriot mei de beide foëtten yn it kæssen; mar ien ding treaste him jitte, dat er nou ten minsten frij wier fen it appél, went (hoe koärt it eak doërre hie) hij hie al ien wearaxèl oan it soldaetje spyljen.

In nou foarfolgens foarboan Wypkje, de aldste dochter, syn wounnen mei blomkes olie; sa seaft gong hja der mei om of it hjar eigen soan wier; dat joeg frjeunscip, in doe er wær gean koe ward it frijerij.

Einlinge koe Minne wær reisgje. It seafte froede libben, dat hij bij dy goede ljouë lein hie, hie him goed dien. Hij woe hjar jild jaen, mar hij koe it net kwyt wirde. Dærom joeg er Oebleboi sijn ald sulveren horlogie ta ien oantinken. In de ald boer, dij t-er de earste dei, doe er dær oan huws koam, mei it honnegat drygde, omdat er uwt ien pantsje iet dær Prins Willem yn oafbylde stie, bétanke er nou mei triennen yn de eagen. Hertlik wier eak it oafscied fen syn doctoresse Wijpk, in de belofte om wer to kommen, ward eak better neikomd as bij folle oare soldaten. Nou joeg er him wer oaf nei huws ta, in doe er onderwei op it Mingeltje koam, tichte bij Snits, doe liet er dær gewear in wapens stean, want dat spul wier er al sæd; in hij seach ris éven bij ien neef te Speers oan, in doe er dær hjerde, dat syn

folk t' huws him net wakker misten, in dat er licht net heel frjeunlik onthelle wirde scoe, sa tochte him beast om earst mar ris nei Binnert-om te Drylst to gean. Mar doe hij te Snits bij de Oosterpoärte koam, yn de scimerjoun, doe stie dær ien tropke folk, in doe dij syn kokarde seagen, doe seine dij:

„Wat biste, boer, ien prinsman of ien patriot?"

„Ien patriot," roap er.

„Dou kees, daste biste," seine dij maets doe, hja pakten him beet in sloegen him er ris helder oaf. Hij foarleer er hoed in kokarde bij. As ien rasend minsce fleach er doe yn de sted op in koft ien leeren klap-pet, in der mei scoe Minne de Noarderpoärte uwt; mar der stoe wær ien tropke folk te praten, in dij fregen him wer hwet er wier? „Ien prinsman," sei de man, mar doe krygge hij fen syn eigen folk, de patriotten, jitte helfte greater pak, dek op mar; hja sloegen him bont in blouw, in sa roan er mei ien foarwoed gemoed buwtten om, de Hemdyk lâns, nei Drylst ta.

It wier doe ljocht-moänne wirden, in oppe bræge te Drylst stie wer ien tropke folk fen it gemienste soorte, in doe dij him sa foarheerd oankommen seagen, doe seine dij eak al gou: „Hwet biste, maet, prinsman of patriot?"

„Ik bin duwels" sei er, in sette ien gesicht as ien lieuw..

Dit holp, in hij koam er ongehinderd troch, in

koam after asem bij Binnert-om, sa blyd as ien staring, dat hij al dij torminten ontkomd wier.

Hij wier nou geneazen fen it patriotje spyljen, in doe er bij syn alders koam, hie de man weinig heil meer yn huws; dij ljouë wierne te steeg om sokke dingen gou te foarjitten.

Mei ytlycke wyken gong er wer nei syn ald kwartier yn de wâlden, in lyk as it giet, dat fen trouwen eak wær trouwen komt, sa gong it Minne eak; hij naem Wypkjen ta syn wyf in joeg him oan it arbeidsjen. It gong him goed yn de wrald, hy wier prinsgesind noch patriotsch, behalven as Houck Foulbird him oppe wei to miette koam, den ward er wer echt patriotsch yn syn gemoed.

Tonei koam Minne to Dockum to weinjen, in dær krygge hij jit ien lijts ampt of betsjinninge fen de sted, dat er op toffels waernimme in dær hij adig fen libje koe. In doe einlinge de Franscen foart gongen in it lân omkeerde, doe roun hij troch de sted om, mei ien Oranjestrik oppe hoed sa great as ien botses boltsje. In as de Dockommers den Oranje boven tsjin him roapen, den roap hij uwt hals in kiel wærom:

„Oranje boven en de Franschen er onder,
„En die anders seit, die slaat de donder."

Hij wier oars jit al blouw fen binnen, mar hij ward nou giel fen buwtten, om syn betsjinning net to forliezen.

Lânsljue!

It scoe lykje kinne, dat ik mei it forhael yn dizze bledden alle forbettering in foroaringe yn de steat fen uws lân as onnodig, ja sels as belaeitsenswurdig yn it iepenbier ten toan stelle woe.

Nee, it is mij te dwaen, om ljouë, dij nodiger bij hjar wurk binne, oaf te halden fen dingen, dær hja gin forstân fen hawwe; went hja binne dochs meastal to bescouwen as de smid, dij it gleaune yzer uet it fjoer hellet, om mei swier wurk er ien fatsoen oan to jaen, wijlst ien loaie mar slimme jonge oan de poester stiet, om it fjoer oan to treasten.

It gemien stiet oan it ambyld in de greaten oan de poester.

De foarkiezingen binne nou hwet se wæze moatte. De deadsliep, dær it folk tryttig jier yn lein het, is oer; er is libben yn uws folk komd, in dat is goed. Lit uws hoapje dat it jinge yn oare lânnen mei bloed

in geweld te rjochte komt, hjir yn uws lân mei ien seafte in bedaerde sin yn it libben komme mei.

Der binne ljouë genoach yn uws lân, dij graeg seagen dat jimme clubs oprjochten, lijk as er ien yn dit boekje bescreaun stiet, in dij graeg seagen dat jimme de wevers in de scoënmakkers nei Lieauwerd stjoerden, om yn de staten te sitten, in dat jimme de boeren after it mjukskret wei hellen in yn den Haag brochten, om it lân mei te bestjoeren, om sa dwaende de boel oer de kop to jeijen. Wæz' foarsichtig! spegelje jimme oan de Bataafsche republiek. It net fen Aristocratie in fen nepotismus, dær jimme sa lang onder beflapt weast hawwe, is britsen; de tsjoele is stikken, mar de simmen wirde jit troch de machtigen fen it lân fest halden. Fiskjes! stek net te fier yn it fjild, de snoeken loere jitte.

Friezen! ik bin nou grys wirden; ik sucht mei jimme onder de twang fen forjirre ynstellingen in heage, heage leasten, mar ik bin jitte dezelfde as foär trye in tryttig jier, doe ik yn Heidelberg bij de Burschenschaft mei fjoer in foärsje song:

„Und noch regt sich mit Adlers Schwung
Der vaterländ'sche Geist,
Und noch lebt die Begeisterung
Die alle Ketten reiszt."

Bij de uitgevers dezes is mede verschenen:

HANDBOEK

DER

VEE-ARTSENIJKUNDIGE HEELKUNDE,

door **J. F. C. DIETERICHS,** naar den **tweeden** druk uit het Hoogduitsch vertaald, met eene voorrede en eenige aanteekeningen van

Dr. A. NUMAN.

3 dln., 1073 pag. in gr. 8vo met platen. Tweede uitgaaf. Voor den veel **verminderden** prijs van *f* 3,90 in plaats van *f* 9,60, die de eerste uitgaaf heeft gekost.

FRIESCHE VOLKS-ALMANAK.

Zestien Jaargangen, van 1836 tot en met 1851.

Hiervan zijn nog eenige zeer weinige compleete stellen voorhanden, welke tegen den zeer lagen prijs van *f* **4,25** in plaats van *f* **12,15** voor de eerstaanvragenden verkrijgbaar zijn.

Afzonderlijke Jaargang., behalve die voor 1836, tegen **30 cts.**

AFSCHAFFING DER BRAAK,

(ZOMERVAAG)

OF

Onderzoek naar de ware strekking van het Braken, en opgave der middelen, om deze schadelijke kunstbewerking te voorkomen.

DOOR

R. J. VAN DER LEIJ,

Lid der Commissie van Landbouw in Friesland en Landbouwer te Hallum.

84 pag. in 12mo à 50 Centen.

BEDENKINGEN

tegen de

OVERDEKKING

(D A K)

van de

MESTHOOPEN.

door

R. J. VAN DER LEIJ,

Lid der Commissie van Landbouw in Friesland en Landbouwer te Hallum.

32 pag. in 12mo, à 30 Centen.

ONDERZOEK NAAR HET KENMERKEND BEGINSEL

DER NEDERLANDSCHE

DOOPSGEZINDEN,

benevens een Antwoord op de Voorstelling en beoordeeling der Doopsgezinde Beginsels door Prof. J. H. SCHOLTEN; door **D. S. GORTER,** Leeraar bij de Doopsgezinden te Warns en Stavoren. *f* 1,30.

HET GELOOF EN LEVEN

DES

CHRISTENS,

EENVOUDIGE EN DUIDELIJKE VOORSTELLING VAN DE HOOFDWAARHEDEN DER CHRISTELIJKE GODSDIENST;

DOOR

S. HOEKSTRA Bz.,

Leeraar bij de Doopsgezinden te Akkrum.

Dit werk verschijnt in November.

DE STICHTELIJKE
VIERING DES AVONDMAALS,

Een Geschenk voor Oude en Nieuwe Lidmaten, vrij bewerkt naar de **derde** Hoogduitsche Uitgave, van
Dr. L. S. JASPIS, door
H. VAN BERKUM,
Predikant te Stiens
In carton à *f* 1,30, in heel linnen, met vergulden titel op 't plat. à *f* 1,60.

DE LABADIE EN DE LABADISTEN,

Eene bladzijde uit de Geschiedenis der Nederlandsche Hervormde Kerk, door
H. VAN BERKUM,
Predikant te Stiens.
2 dln. in gr. 8vo met Vignet *f* 4,50.
De koopers van Bekker te Franeker, Spener te Dresden, eene Preek onder Lodewijk XVI enz. enz. zal dit werk zeker hoogst welkom zijn.

DE POT MET GOUD,

of de
BEPROEVINGEN DES RIJKDOMS,
door M. TUPPER.
Naar den **zesden** druk uit het Engelsch vertaald door
P. VAN OS.
Een deel in gr. 8vo met Vignet *f* 2,70.

RICHARD CRAIGLETHORPE,

OF DE WREKENDE HAND DES TIJDS;

door de Schrijfster van Emilia Wyndham, Angela, De Wilmingtons enz. Uit het Engelsch door P. VAN OS.
2 dln. in gr. 8vo met Vignet *f* 6,00.

GRONDWET
VOOR HET KONINGRIJK DER NEDERLANDEN.

1848. à 20 Cents.

WET TOT REGELING VAN HET KIESREGT

en de benoeming van Afgevaardigden ter Eerste en Tweede Kamer der Staten-Generaal. 1850. 12½ Cents.

WET OP DE KEUZE EN ZAMENSTELLING

der

PROVINCIALE STATEN.

1850. à 12½ Cents.

WET,

REGELENDE DE ZAMENSTELLING, INRIGTING EN BEVOEGDHEID DER

GEMEENTE BESTUREN,

in gr. 8vo, met eene groote duidelijke letter, à 50 Cents.

GEMEENTEWET.

in kl. 8vo à **20** Cents.

WET

op de

ONTEIGENING

TEN ALGEMEENE NUTTE.

1850. à 12½ Cents.

WET OP HET BRIEFPORT EN DE BRIEVENPOSTERIJ.

1850. à 12½ Cents.